


DICHTERSPAAD

2015 - nachtkuier





BAKBROGGEN

Op it West,
fiif stikken lân westlik fan Marten Drint
wêr 't Aldegea begjint,
dêr is it plak wêr't min fan seit
dat it stik lân de "roggenbakken" leit.
It leit njonken Beppe-finne,
dermei kin dit ferhaaltsje begjinne.

De eigner dy 't dit lân besiet
hier dêrfan in bulte fertriet.
It lân stie fol galjes en snilen
en mear ûngemakken.
Dêrtroch hie de man
fuort gjin winst te pakken.
De hege lêsten joegen skea
en perfoast gjin brea.

In keaper sykje
dat soe dy eigner wol wat lykje.
Mar in keaper foar in stik lân fol ûngemakken,
hawwe jo samar net te pakken.

Oan 't de bakker kaam dy 't doe it útstel die,
wêr 't de eigner wol earen nei hie:
In tiidlang alle wiken in fjirde partsje brea,
dat wie it bod.
No, dat like ús boer wol wat.
Syn betingst wie: in searn bakken der bij,
"sadat ik alle dagen myn bakbrogge krij".

Hjirmei kinne jim dan no witte,
dat wy fanôf dy tiid
"Aldegeaster bakbroggen" hjitte.

Nei de safolste eigner fan it stik lân,
krige Ime it yn 'e hân.
It lân leit der no kreas bij
en faak rinne d'r no in keppel kij.

In Aldegeaster Bakbrogge



De MOANNE *foar myn jonges*

*Linich hingje ik tsjin de heldere
jûnswyn, skyl handich it deistich
wêzen en dream mysels werom nei jûm
swietrôze rûken, tûzenen tinne*

*túten en krûpkes sêft as
side. Suver as fansels stoar
súntsjesoan út jûm it lytse bern,
oerhearsken samar grut gebeart en*

*swiere lûden it âldershûs. Jûm eagen,
blaugriene rivieren dêr't ik mysels
ynienen út opdûken sjoch, sykje
steefêst fier en fierder mar, hjir is*

*folstein fan my foar
jûm, dizze pynlik moaie en ripe
moanne, foar oeral en altyd.*

Martsje Mud



FERNUVERING

Tûke en bûtengewoan wichtige ûndersikers hawwe
konstateard dat der yn 't strewiel fan 'e ferneamde
beamwâlen yn 'e Fryske Wâlden, letterlik nochal wat
frjemde saken barre. Hjir is, sa sizze se nei yngeand
ûndersyk en in bytsje oerallich, dúdlik sprake fan massale
mearwiverij. Bern witte dêrom net hokker domdryste
menear harren wiere heit is. De hoannige manlju fersiere mei
uterlik fertoan elk frommis dat har foar de fuotten komt om
tegearre tusken wjelderich en smûk beamtegrien te ferdwinen.

Ja, yn de Noardlike Fryske Wâlden makket it pystige
readsturtsje der ta fernuvering, in potsje fan.



IN DE ADEM van de wind
ruist het riet

in de adem van de wind
buigt het riet en wiegt

in de adem van de wind
staat elke stengel

in de wind staan de stengels
te midden van het riet



In oare nacht

Blom yn 'e woastine wiesto
as nacht dy de hannen oer 'e eagen lei
as in moanne
dy't ljocht fan 'e sinne heine wol

lisskos yn 'e Noardsee
soest wêze, mar...
soest dy foegje
sa't reidsnilen foegje nei wyn

As ljochtfûgel troch streekjesloft
nei blauwe fierten fljocht
soe -as in ferburgen welle-
dy oan it ûnthâld ûntsprute

hoe't neonljocht weromkeatst fan 'e
wolken en beammen
stille skaden flije, wylst moarnsnacht
swart oer wetter leit

Blaumasterke soe op droech reitsje
balansearje en út it ûnthâld wei
soe it karrekysje, sûnder ophâlden
sinne omheech sjonge oan 'e kimen

(Meintsje Brouwer)

NAAR HUIS

geen verte, de weg
die het licht wijst

bomen zomen richting,
vegen de achterruit, tekenen
achterwaarts schuivende schimmen

wolken in nachtelijk gras
herkauwen de dag

wolken in nachtelijk gras
herkauwen de dag

de maan is beland in het water
spiegelt de dag, de dag spiegelt
licht uit de diepte, de vaart

pluimen gekraagd aan haar zijde
fluisteren fluisteren flarden
wanen gedaanten,

in de berm doemt een ree, even
gevangen, gelijk weer gelaten
geen verte, de sterren
de weg die het licht wijst



Dichterspaad AldeGea

is een initiatief van Doarpsbelang Aldegea, in samenwerking met Landschapsbeheer Fryslân en de Gemeente Smallingerland.
Wilt u reageren op "Dichterspaad Aldegea", dan kunt u mailen naar: dorpsbelang-aldegea.sm@hotmail.com
Zie verder ook: www.dichterspaad.nl

Nachtspiegel

Ik hou van het donker
dan ga ik fietsen
lange stukken
over kale wegen
of door een bos
zonder lantaarnpalen
zonder licht, gewoon los.
Dan ga ik fietsen
dan zie ik eindelijk mezelf
ik hou van de nacht
omdat ik dan ben
aan wie ik overdag
wel eens heb gedacht.

Sanne van Balen
(gemeentedichter Smallingerland 2012-2014)

Dichterspaad AldeGea

is een initiatief van Doarpsbelang Aldegea, in samenwerking met Landschapsbeheer Fryslân en de Gemeente Smallingerland.
Wilt u reageren op "Dichterspaad Aldegea", dan kunt u mailen naar: dorpsbelang-aldegea.sm@hotmail.com
Zie verder ook: www.dichterspaad.nl



Niet slapen

De sterren fonkelen in de nacht

Je ligt in bed

Je kijkt naar de klok

Het is 3 uur 's nachts

Je hoort van alles ritselen

Takken zwiepen tegen je raam

Je hoort de hond blaffen

Je drukt het lichtknopje aan

En in één keer

is het stil

Elske Adema



Dichterspaad AldeGea

is een initiatief van Doarpsbelang Aldegea, in samenwerking met Landschapsbeheer Fryslân en de Gemeente Smallingerland.
Wilt u reageren op "Dichterspaad Aldegea", dan kunt u mailen naar: dorpsbelang-aldegea.sm@hotmail.com
Zie verder ook: www.dichterspaad.nl



uit het duister	út it tsjuster
was het	wie it
dat we zagen	dat wy seachen
dat het licht niet alles was	dat it ljocht net alles wie
wetende	wittende
niet meer alleen	net mear allinnich
naar licht verlangend	nei ljocht longerjend
wisten wij	wisten wy
dat we misschien	dat wy miskien
gewoon maar door moesten gaan	gewoan mar trochgean moesten
niet al te zeer en te verlamdend	net al te bot en te ferlamjend
denken aan	tinke oan
eb en vloed	eb en floed
duister en licht	tsjuster en ljocht
zon en regen	sinne en rein
en het waarom daarvan	en it werom dêrfan
en van ons leven	en fan ùs libben

(Jan Ketelaar)



It âld Smelne Geaster Paradys

Oan'e Skieppekampen is in boskje, ien hektare grut

Dêr wennet Tomke mei syn frou, yn in nêst mei't lytse brut

It paradys hat as skepper de boer: ferslacht de beammen, hy is god

Dy god besegelt hjir it lot, en Tomkes aventoer

Tomke skarrelt syn kostje op tusken toarnbeitûken

En boskarbeiderkofjebekers dêr't se sprongen om'e stûken

Yn't slachfjild binne noch mear beammen merke om te seagjen

Om't opskot foar te wêzen tink, net om it nêst te pleagjen

Elts jier op'e nij is it de fraach: hoe sil't mei't paradys beteare

Hokker beammen yn dit Tomke-Eden sil god hjir fúsijeare

Yn't kleare ljocht dat hy dan skept, dêr kin nij libben tiere

En alle Tomkes mei wipkesturten it libben prachtich fiere



Dichterspaad AldeGea

is een initiatief van Doarpsbelang Aldegea, in samenwerking met Landschapsbeheer Fryslân en de Gemeente Smallingerland.
Wilt u reageren op "Dichterspaad Aldegea", dan kunt u mailen naar: dorpsbelang-aldegea.sm@hotmail.com
Zie verder ook: www.dichterspaad.nl

âlde gea
fean en sân
hawwe hjir harren woartels hawn

earder kamen iis en wetter
brochten stiennen en sompen
rûch wie it gea,
it efterlân


de flakten – letter –
waarden wâlden
lang om let it minskdom foarbehâlden

it rindier fan doe
is no
de hazze, it hert,
it hynder en de ko

wat nij wie
is wurden ta it âlde
om – sûnder wjergea –
fan te hâlden

ALDEGEA





Desimber

Undergrûnsk wrot in mol syn paadsje
skjin, lit bultsjes farske modder as ripe
pûsten ta it gêrs útbarste. Wetterkâld

waait in westewyn swart troch de tûken.
Storein leit in glâns oer it flierkleed fan
útklaaide beammen. Djip en dridzich spoare

brede trekkerbannen troch it almar hinn'en
wer karkjen fan stjonkende kuilbult nei
kôgjende kowebekken. It hiem heukert har wat

troch de tiid. Dizenich de skieding tusken
ljocht en tsjuster, riuwe de dagen
oaninoar ta ien lange skimerjûn.

(Antsje Mud)



*Dêr't myn pake en beppe
altd wenne ha
Dêrnei haw ik langstme
oan 'e ein fan 't libben ta*

(Meintsje Brouwer)

LANGSTME

Giest mei
de sânreed lâns
de beide brechjes oer
hiel súntsjes no
net prate
hark! hearsto de natoer?

De wylp en skries
hja roppe it út!
ek ljippen dogge mei!
De poep
mids swanneblom en giele plomp
is hiel hiel tichteby

it bochtsje om
dêr sjogg' wy dan
it boerepleatske stean
de beammen
heech
wjerspegelje
yn 'e ringfeart har bestean

Yn 't wetter leit
krektyk as doe
oan 'e oare kant in skou
en 't húske read
en och sa leaf
stiet dêr noch altd trou

De sinne
dy't hast ûndergiet
set alles yn it fjoer
Ik doch de hannen byelkoar
en rop:
"Pake, helje ús oer!"

Mar nimmen foar it rút
sjocht op
gjin doar dy't iepengiet
En ek it hús is oars
as doe't ik it efterliet

De gevel is net
wyt mei grien
mar bêzje no mei brún
En pake 's hage is fuort
Dêr leit no dan
in tún


Ik draai my om
kin 't net mear sjen
Faak tink ik hjir oer nei
Hoe lokkich wie ik dêr
as bern

Mar 'k wit: it is foarby...



Dichterspaad Aldegea

is een initiatief van Doarpsbelang Aldegea, in samenwerking met Landschapsbeheer Fryslân en de Gemeente Smallingerland.
Wilt u reageren op "Dichterspaad Aldegea", dan kunt u mailen naar: dorpsbelang-aldegea.sm@hotmail.com
Zie verder ook: www.dichterspaad.nl



nachtlik romsicht

út in swartens

skynt de Headamsleat

tsjuster en stil

it paad dernjonken

troch ferljochting

net fersteurd

in inkle kleiende

fûgelrop, fladderjende

wjukken en leit

oer alles wer de rêst

hjr mei de nacht

nacht wêze


(Antsje Mud)



Dichterspaad Aldegea

is een initiatief van Doarpsbelang Aldegea, in samenwerking met Landschapsbeheer Fryslân en de Gemeente Smallingerland.
Wilt u reageren op "Dichterspaad Aldegea", dan kunt u mailen naar: dorpsbelang-aldegea.sm@hotmail.com

Zie verder ook: www.dichterspaad.nl



it rjocht dat sprekt

de oanwaaks fan folk
't ûntstean fan rang en stân
brochten ûnienichheit, oergeunst
hate, niid
en dermei minskelike striid
dêr foel neat rjocht te praten

it oardiel fan it folk
dat rûnom sûze
in fonnis
dat troch de beammen rûze
elk spruts sa eigen rjocht

de oerheid krige d' oerhân doe
de Grietman spruts!
spruts rjocht
rjocht oer it kweade
koe dêrmei faaks
de twaspjalt keare

Ljochtmoanne

Mei de fine winterwyn
tsjin, fyts ik de útbuorren
yn. Griis ljochtet de dyk.
Swarte inket printet
de kontoeren fan in rige wachters;
wylgen mei kreas keal skearde
koppen yn donkere ets.

Fol en gol stiet it wolkom
withoe heech. Tiid is neat yn dizze
lichte nacht fan ljocht en suver
lûd. Stil. Mear as genôch is my
dit allinne wêzen. Litte myn trapers
de tsjillen ûneinich troch gear.

(Antsje Mud)

By de feart (Antsje Mud)

Wie it ea earne frediger as hjir, oan'e âlde Aldegeaster Feart? Mei syn earste en syn twadde bocht, it eilantsje flak foar de iepen snút, dêr't breedút in wite swan yn driuwket.

In fisker fangt syn eigen gedachten en prakkesearret se teplak. It blauwe boatsje fynt rêst oan de polderdyk. De rappe draafster op it Fokke Wietske Paad liket op'e rin foar alles wat se dwaan wol en moat.

It âljen fan in kealjende ko klinkt it Gealân oer. Kalm skoot in kano foarby. In lichte rimp'ling en it is wer stil. Hjir wit ik altyd út hokker hoeke de wyn waait.





TICHT

*“ticht,
set mar ticht,
lichtsje de netten mar,
't is oer en dien”*

de lêste iel
wyndert as in twirre
troch it wetter,

in lichte ril

en mei dit taferiel
út it sicht fan 'e fisker
wurdt it yn it Âddjip stil

wa wit noch fan in tichtset letter?